

MARIJKE DE BOER

# ‘Myn lichem seit dat it net oars moat as sa’

Rely-winner Elske Kampen:  
‘Skriuwen makket my gelokkich’

Elske Kampen hat dit jier mar leafst twa Rely Jorritsmaprizen wûn.

De sjuery bekroande in ferhaal en in gedicht fan har.

35

Unyk is dat net; it barde twa kear earder yn de skiednis fan de priisfraach. Wol bysûnder is dat se noch net sa lang skriuwt. Fjouwer jier lyn melde se har oan by in skriuwkursus fan Tresoar. Dêrmei begûn in nij stik fan har libben. ‘Mei it skriuwen ha ik myn bestimming fûn’, fertelt Elske Kampen (1955). ‘Skriuwen is in yndirekte manier fan útdrukken en dat past by my. Ik bin net sa’n prater. Ik skriuw om grip op de werklikheid te krijen. Ik ha sterk de behoefte om te skriuwen. As ik jûns wat skreaun ha, sjoch ik der moarns alwer nei út om it oer te lêzen. Skriuwen is fan wêzentlik belang foar myn bestean. Neist myn heale baan brûk ik alle frije tiid foar it skriuwen. Ik beskôgje it echt as myn oare wurk.’ It priiswinnende ferhaal *De opdracht* giet oer in frou dy’t alles perfekt ha wol, op it neuroatyske ôf. Se is drok dwaande om it yn ’e hûs gesellich te meitsjen. Yn de winkel fynt se in fuortsmitten boadskiplistke. Se keapet wat derop stiet en makket in miel klear mei dy yngrediïnten. Se set it iten op tafel en wachtet dan fergees op de gasten, dy’t lykas alle oare kearen wer net komme. Yn it ferhaal wurdt de eigen wrâld fan de frou sketst mei each foar detail en yn de ûnderlizzende laach ferwiist se nei hoe’t it mei dy frou safier komme koe. ‘By in ferhaal betink ik in ekstreem útgongspunt en dêrnei wêrom’t ien sa docht. It ferhaal skriuwt himsels foar in grut part, it giet mei my as skriuwer op ’e haal. Skriuwen is as it ferbinen fan triedden. Hoe finer oft it ferhaal wurdt, hoe leuker oft it wurdt om te beskriuwen. Ik begjin mei in grut ramt mei gatten dy’t ynfold wurde moatte en dat doch ik troch djipper op de minsken yn te gean. In tema dat hieltyd weromkomt yn myn wurk is hoe’t minsken de balâns wer fine nei’t se wat ferlern ha, wurk of in neiste. Hoe giet ien dêr mei om, watfoar oplossing betinkt dy persoan om wer yn it lykwicht te kommen. Yn myn ferhalen fine se dy oplossing krekt bûten de werklikheid fan it gewoane, deistige libben – om’t se te bot skeind binne. Se sjitte troch en bedarje yn in oare werklikheid. Se brûke normale hannelingen en gewoanten as hâldfêst, mar passe dy ta op in wize dy’t bûten it alledeiske falt. Se geane oer in grins dêr’t elkenien miskien wol bang foar is om oerhinne te gean. In persoan yn ien fan myn ferhalen giet bygelyks fiif kear deis om in boadskip. Twa kear is akseptabel, fiif kear net. Dat grinsgebiet boeit my. Ik skriuw oer it hast ûnsichtbere universum dêr’t de minsken yn ompiele en besykje oerein te bliuwen yn de maatskippij.’

## GAOS

Eins is it skriuwen Elske Kampen mei de brijleppel yn jûn, mar dochs begûn se pas doe’t se hast fyftich jier wie. It skilderjen hat lange tiid in sintraal plak yn har libben hân. ‘Ik bin berne yn Burdaard en opgroeid yn Burgum, yn in Frysksinlich fermidden. Tydskriften as *De Tsjerne* en letter *De Strikel* leinen by ús op tafel. Heit en mem skreaunen beide gedichten dy’t publisearre binne. Us mem gie op lettere leeftyd mei in ynlieding oer Sjoukje Bokma de Boer by frouljusferieningen del. Flak foar syn dea ha ús heit en ik tegearre noch mei in fers yn de Skriuwerskalinder stien. Foar him wie dat de lêste kear, foar my de earste. As famke siet ik it leafst mei in boek op de bank te lêzen. Foar opstellen krige ik geregeld in 10. Nei de PA ha ik de learare-oplieding tekenjen folge. Suver en allinne foar myn eigen plezier, net om’t ik foar de klasse woe. Doch fûn ik mysels net yn de byldzjende keunst. Kear op kear goaide ik frustearde de boel der by del. Skilderijen komme te direkt by my binnen. Ik bin al gau fol as ik in pear wurken sjoen ha. Dan moat ik earst bekomme, oars nim ik de rest net mear op. Taal, dêrfoaroer, komt folle yndirekter binnen. Fan in byld wurdt ik gau wurch, mar fan in wurd net. Doe’t de bern de doar út wienen en ús heit en mem net mear libben, siet de soarchtaak derop en krige ik de tiid om te skriuwen. Ik wie benijd oft ik in gedicht skriuwe koe. It meitsjen fan gelegenheidsfersen gie my maklik ôf, mar dat is fansels wat oars as in literêr gedicht. Ik ha in pear kursussen folge en fan ’t simmer hie ik ynienen it gefoel dat ik it sûnder kursus kinne soe – en fuort dêrnei krige ik berjocht fan de Rely. De erkenning fan treden befêstiget myn eigen gefoel dat myn wurk der wêze mei. In belangrike oerienkomst tusken it skilderjen en it skriuwen is foar my it aspekt fan oarderjen dat deryn sit. It oarderjen beskermet my tsjin de gaos bûten yn ’e wrâld. Fan de gaos oan bylden meitsje ik in harmonieus gehiel. Dat is faak in lang proses fan sykjen. Ik skaaf tiden oan in gedicht om de konsintraasje dêryn sa heech mooglik te krijen, om de essinsje te pakken. It oerstallige, it rommelige moat der út. By it skilderjen slagge it my net om harmony te finen. De gaos waard grutter en dêrom bin ik dermei ophâlden. Yn it skriuwen fyn ik wol rêst. As ik de ultieme harmony fûn ha, is der in fysyk witten yn myn lichem dat seit dat it kloppet. It is dan krekt as ha ik in stikje fan it bestean op dizze wrâld wer goed makke. Bytiden belibje ik dat as



ELSKE VAN KAMPEN LÊST FOAR ÚT HAR WINNENDE FERHAAL YN DE TSJERKE FAN BEARS

in ferbining mei wat hegers, wat dat dan ek mar wêze mei. Miskien is dêrom de driuw om te skriuwen wol sa grut.' It byldzjende each fan Elske Kampen komt ek wer werom yn har skriuwen. 'Ik fyn it belangryk dat der harmony yn in fers sit. Mei harmony skept ek in byld yn konsintrearre foarm. In bepaalde fersfoarm, lykas it sonnet mei rym- en foarmtwang, twingt je dêr ek ta. Ik hâld noch altyd fan de sonnetfoarm, mar kies sels foar in oare foarmtwang. As in gedicht fan my út fiif strofen bestiet, dan moatte dy alle fiif deselde foarm ha, wat oantal en lingte fan de sinnen oangiet. Dy beheining twingt my om ta de essinsje te kommen. As ik in gedicht oer in bepaalde ûnderfining meitsje, helje ik dêrmei gaos út 'e wrâld wei en jou in stikje konsintrearre oardering wer werom. Dêrom dy foarmtwang; myn lichem seit dat it net oars moat as sa.'

#### HARMONY

De Rely-winner skriuwt net inkeld yn har memmetaal, it Frysk. Ek yn it Nederlânsk kin se har goed uterje. Al is dat wurk neffens eigen sizzen mear stileard. Se is al in skoft dwaande mei in Nederlânsktalige dichtbondel foar bern fan in jier as fjirtjin. 'It is in perioade út myn libben dêr't ik no noch hiel ticht by stean. Ik kin it dreamerige

en tagelyk dwerse puberfamke dat ik sels wie samar oanreitsje. Ik meitsje sels yllustraasjes derby yn de foarm fan abstrakte kollaazjes. Mei stikken skuord papier dy't ik yn alderhanne kleuren skildere ha, sko ik krekt salang oant it byld kloppet, oant der in ienheid is. Byld en tekst moatte elkoar fersterkje.' Net inkeld yn har wurk spylje harmony en oarder in belangrike rol, mar yn har hiele libben. Yn har hûs is dat ek werom te finen. Der stiet neat tefolle yn de keamer en alles is kreas oprêden. 'Net dat ik it leuk fyn om op te rêden,' laket se, 'mar it is myn hâldfêst. Alles hat syn eigen plakje. As ik twa bosken blommen krij, bin ik fan 'e slach. It is in manier fan kontrôle hâlden, mar ek dêryn spilet it fisuele aspekt in rol. Ik fyn it net moai as guod elkoar oerlapet, in steapel kranten bygelyks. Eins hie ik yn in museum wurkje moatten. As bern socht ik skelpen en stiennen en oardere dy thús, op foarm en kleur, as in lytse konservator yn myn eigen museumke. Dat is eins net feroare, ik mei noch hieltyd graach dingen fine en dy in plak jaan yn in gehiel. De minsken dêr't ik oer skriuw wolle ek graach in plak yn it gehiel ha. Sels stean ik it leafst oan de syddline, mear sjend en lústerjend as dat ik praat. Oan 'e râne fiel ik my it noflikst, want dêr is de measte romte en dêr fyn ik it materiaal foar noch in hiele soad ferhalen.'